



Tink dy tûk!

Filosofearje mei it boek Lindbergh



1.

TINK DY TÛK!

Mûs lêste oer de neie útfyning fan de mink: mûzefallen! Hy fûn it in freeslike útfining! Hy wie der wis fan dat dizze fallen syn freonen ferdreaun hiene. Mûs ie fleanen leare om syn freoen werom te finen. Hy makke plannen, sammele spul, knutsele, teste en it mislearre. Hy betocht wat nijs derbei, sammele ûnderdielen, makke, teste en stoarte del. Hy kaam wol yn it nijs. Mûs prakkesearre, tekene, probearre en hammere opnei. Wikenlang. Tenslotte slagge it de útfiner...hy hie in fleanmasine makke.

Filosofysk haadthema: Wat is in útfining?
-Is eltse útfining goed?

-Moast in doel ha om in útfining te dwaan?
-Doarret in útfining lang om te meitsjen?

-Wurdst beroemd ast eat úfûn hast?
-Mei eltsien eat útfine? (bisten, minsken, bern,...)

-Kin eltsenien eat útfine? (bisten, minsken, bern, beammen,...)

-Wat as der neat mear útfûn wurde mei?



2. TINK DY TÛK!

Op in dei wie it opfallend stil, te stil. It like of wiene alle freonen ferdwûn. Mûzefallen hiene se grif ferdreaun. Mûs giet op siik nei syn freonen, de oare mûzen. Hy trotsearret derfoar allegear gefaren: katten, fleanende mûzen, ûlen... En makket sels in fleanmasine om nei se ta te gean.

Haadthema Filosofearje: Wat is in freon?

- Is it stil sûnder freonen?**
- Wêrom ferdwine freonen?**
- Moat in freon itselde wêze as dy?**
- Moast gefaren trotseare foar dyn freon?**
- Moast dingen útfyne foar dyn freonen?**
- Wannear is immen in freon?**

3. TINK DY TÛK!

Mûs lêst in soad in de boeken fan de minsken. Dat dogge de oare mûzen net. Dan wurd mûs in útfiner, troch makke plannen te meitsjen, spullen te sammeljen, knutsele en teste. Net alles slagget yn ien kear, der mislearret ek wolris wat. En op it ein wurd mûs ek noch in piloat. Dit alles om syn freonen te sjen.

Filosofysk haadtema: wurde wa asto wolst.

- Kinst sels bepale wa asto wurde wolst?
- Moast witte wa asto wurde wolst of bart it gewoan?
- Moast lêze kinne om te wurden wa asto wolst?
- Moast trochsette om dysels te wurden?
- Hast freonen nedich om dysels te wurden?
- Moast dingen keapje om te feroarjen?
- Ast in oare taal praatst, bist dan in oar?
- Kin in jonkje in famke wurde?
- Kin in minsk in bist wurde?
- Meie bern witte as se in tattoo nimme?
- Moast foar in oar feroarje?
- Kin in oar bepale wa asto wurde moast?
- Hoe wisto wat asto wurde wolst?
- Seit dyn bûtenkant wat asto wurde wolst?
- Wannear wist ast bist wa asto wêze wolst?

